

## TEKST 1 FOPPE DE HAAN, IN BYSÛNDER GEWOAN FRYSK MINSKE

- 1 Yn 'e oanrin fan it boek 'Foppe' fan Eppie Dam wurde der witwat bekende persoanen en harren bynammen op in rychje setten. Franz Beckenbauer hyt Kaiser Franz, Leo Beenhakker Don Leo, Rinus Michels De Generaal, en fansels Foppe de Haan ... Foppe.
- 2 Foppe is altyd Foppe bleaun, mar dat is op himsels wat te koart troch de bocht. It earste  
5 haadstik hyt 'It is noch altyd Foppe', dêr sit in minskelibben oan ûnderfiningen yn en in Foppe dy't altyd deselde bleaun is.
- 3 It is wol spitich dat Dam him sa út en troch ek liede lit troch oare media, dy't hy út alle hoeken derby pakt. Dêrtroch rekket it ferhaal wol wat eigens kwyt, want krekt Eppie Dam ferstiet de keunst om yn hast poëtyske taal te skriuwen, tige byldzjend en tige djipgeand. Hy  
10 moat wat te faak ôfgean op ynformaasje fan treden en dat is spitich. Hy hie better oan de ein fan it boek in literatuerlist printsje litte kinnen, as de boarnen der hieltyd by te skriuwen.
- 4 De siden fleane yn dit boek lykwols oan dy foarby as in soarte fan dokumintêre. It lêst as in trein. It boeit. Net allinnich Foppe is oan it wurd, mar ek syn earste grutte learmaster op fuotbalgebiet, Gerrit van Stralen fan GAVC yn Grou. In man dêr't Foppe no noch altyd fan seit  
15 dat dy him de nocht oan, mar ek de sin fan fuotbal bybrocht. De Haan is wiis mei Van Stralen dy 't no al goed tachtich jier is. Ek oare freonen fan Foppe komme oan bar. Hearrenfean-foarsitter Riemer van der Velde is net troch de skriuwer frege om wat sitaten. Dy syn útspraken hellet er út oare boarnen.
- 5 It boek is gjin literêr wurk, mar hat ek net dy pretinsje. De auteur Eppie Dam hat dold nei  
20 de motivaasje fan de minske Foppe en de gefolgen fan syn jeugd, fan in libbenspaad dat doe net altyd like noflik wie. It gesin wie earst earm en hie it somtiden swier. Foppe hat kwa karakter it measte fan syn mem: sy is ek fûl, wol ek altyd winne.
- 6 Eppie Dam giet ek yn op de skramkes, de kerfkes yn Foppe syn siel. Dat jout it ferhaal djipte. Omdat syn mem psychyske swierrichheden hie, rekke Foppe ynteressearre yn boeken  
25 oer psychiatry. Foppe seit yn de petearen mei Eppie Dam dat er dêr in protte fan opstutsen hat, benammen oer minsken. Hy kin guon saken ek tapasse yn syn wurk as trainer fan SC Heerenveen.
- 7 Earst wurde yn 'Foppe' de wat meagere jierren by SC Heerenveen sketst. De Haan wol te hurd, wylst de klub noch net klear is foar it gruttere wurk. Hy wurdt haadtrainer ôf en wer  
30 oplieder fan jeugdfootballers. "In nederlaach, mar fan nederlagen leare je it measte."
- 8 Riemer van der Velde hold fertrouwen yn Foppe. Nei't Fritz Korbach by SC Heerenveen foar in kultueromslach soarge en fan in klub mei semi-profs in profklub makke, kaam Foppe wer yn byld. Hy krige fan Riemer de tiid om te bouwen oan it sukses sa't wy dat no fan SC Heerenveen kenne.
- 9 35 Foppe wie as gimlestyklearaar ûnder oaren yn Enschede oan 't wurk. Mar Fryslân luts hieltyd noch, doe't hy en Geke Smit bern krigen en op in flatsje sieten.
- 10 Jo wurde troch it boek hiel wat wizer oer de minske Foppe de Haan, oars net sa'n man fan in protte wurden. Oer syn hechte relaasje mei Riemer van der Velde: in mearke? "Ja, soks bestiet fansels nergens en it is ek hast ûnwerklik." Foppe krijt it ek noch waarm fan de  
40 bekerfinales dy't SC Heerenveen op de kaart setten hawwe, fan de Roemeenske spits Camataru dy't altyd skoarde en noch altyd in Hearrenfean-hert hat. Yn de analyze is Foppe hiel kritysk op himsels.
- 11 En dan de fuotbalskoalle fan de SC. Foppe hat der wol in ferklearring foar dat guon talinten it net helje: "In A-junior waard alle kearen mei de auto nei de training brocht. Dat fyn ik  
45 al in teken, mar goed. Heit stapt út, mem stapt út en dy jonge stapt út. En wat docht mem? Him de tas mei klean en skuon achter de kont oan sjouwe. Sa'n jonge moat letter op it middenfjild de tsjinstanner de bal ôfpakke? Soks wurdt noait wat."
- 12 Foppe oer âlder wurden, pakesizzers en fuotballju oer Foppe. It is in boek dat je yn ien kear útlêze om't je de minske Foppe sa wurdearje. Eppie Dam hat it boek de goede toan  
50 mejûn en hy beslút stylfol mei in gedicht: Wâld-wetterfries.

- 13 It earste boek oer Foppe is net in biografy, mar in dokumint oer in doarpsjonge dy 't de bekendste doarpsklub oansjen jûn hat. Ynkoarten komt der noch in boek oer SC Heerenveen út, fan Kees 't Hart, mei dêryn wer in foarnaam plak foar Foppe.

Nei in artikel yn Friesch Dagblad, 15-03-2001.  
'Foppe de Haan, in bysûnder gewoan Frysk minske'  
Troch Sybe Joostema.

## TEKST 2 WIJSMULLER WURKET ÛNDER DEENSKE FLAGGE FIERDER OAN 'HOLLANDS GLORIE'

- 1 In protte minsken hiene it der eefkes dreech mei. De oankundige oername fan sleep- en bergingsbedriuw Wijsmuller troch de Deenske rederij AP Möller - better bekend as rederij Maersk - betsjut de ein fan in stikje Hollânske seefeartskiednis. Of net?
- 2 Algemien direkteur Michiel Wijsmuller, neikommeling fan oprjochter Jan Wijsmuller, fynt  
5 dat it allegearre wol wat tafalt. "Feitliks bart der net safolle," seit er. "De Deenske partner hat allinne ús oandielen oernommen. De namme Wijsmuller feroaret net, it management bliuwt foar it grutste part yntakt, de besteande gearwurking mei oare bedriuwen wurdt net ûntbûn en it haadkantoar ferdwynt net út IJmuiden. Sterker noch, dizze oername jout ús foldwaande mooglikheden ta fierdere ynternasjonale groei."
- 3 10 Letter yn it petear jout Wijsmuller ta 'mingde gefoelens' te hawwen oer it feit dat it oarspronklike famyljebedriuw ûnderbrocht wurdt by de Deenske reder Maersk, wrâldliedder op it mêd fan de kontainerfeart. "Mar", skikt er daliks yn, "Wijsmuller wie allang net mear besit fan de famylje, mar fan de oandielhâlders."
- 4 Der wurdt sein dat AP Möller tusken de 300 miljoen en 400 miljoen gûne betelle foar de  
15 oername fan de Wijsmullerfloat, mei 150 sleepboaten yn 21 lannen en tûzen wurknimmers op de leanlist, in ridlik grutte wrâldspiler op maritym gebiet. Yn alle gefallen grutter as Svitser (72 skippen en 620 meiwurkers), it bedriuw fan Maersk, dat him talein hat op sleeptsjinsten.
- 5 Svitser-direkteur Keld Balle Mortensen glimket geheimsinnich by it hearren fan de rûze  
kosten. "Ik ûntken noch befêstigje de oankeapsom." Wis is dat de oandielhâlders der  
20 finansjeel net minder fan wurden binne. It grutste part fan it oernamebedrach giet nei Frits Kroymans, de Ferrari-ympporteur dy't in belang fan 60 persint yn it bedriuw hat. De rest giet nei presidint-direkteur Victor Muller (8 persint), nautysk sakeman Willem Cordia (12 persint), de famylje Wijsmuller (17 persint) en oare, meast lytsere, oandielhâlders.
- 6 De ferkeap fan de float komt op in momint dat it Wijsmuller foar de wyn giet. De ôfrûne  
25 fjouwer jier boekte it bedriuw de iene rekordwinst nei de oare. Ferline jier wie de nettowinst goed 22 miljoen gûne.
- 7 It sukses is it gefolch fan in koersferoaring dy't Wijsmuller healwei de jierren njoggentich  
ynsette, nei in perioade fan ôffallende resultaten: minder oandacht foar bergingsaktiviteiten en mear de klam op havensleepaktiviteiten en oare foarmen fan maritime tsjinstferliening. Mei as  
30 gefolch fan strangere easken dy't oerheden en havenautoriteiten oan de skipfeart oplein hawwe, is it tal ûngemakken op see, en dus it tal bergings, tebekrûn.
- 8 Wijsmuller leit him no stadichoan mear ta op ûnder oaren terminalsleeptsjinsten: it  
begelieden fan skippen mei floeiber gas. Underwilens hat Wijsmuller seis langrinnende kontrakten foar sleeptsjinsten fan tankers mei floeiber gas yn ûnder mear Quatar en Trinidad.
- 9 35 In fierdere selsstannige groei soe neffens de direkteur mooglik west hawwe. Om 'e nocht is lykwols besocht in notearring oan te freegjen op de beurs fan Singapore. Mei it jild soene oare oernamen bekostige wurde. Der is ek sjoen nei de mooglikheid om út te wiken nei de beurs fan Amsterdam. Oant ferline hjerst Maersk lâns kaam.
- 10 Neffens bûtensteanders komt de groei-eksplaoazje fan it bedriuw alhiel foar rekken fan  
40 'bedriuwedokter' Victor Muller, dy't yn 1997 yn 'e direksje kaam. Foar dy tiid hie hy al namme makke as yvestearder yn ict-bedriuwen, Ouwehands Dierenpark en kleanmerk McGregor, om mar in pear aktiviteiten te neamen. Wijsmuller, sûnt 1988 algemien-direkteur: "Ik tink net dat ien persoan ferantwurdlik is foar it sukses. Mear it wurk as team. Victor Muller is miskien wat ekstraverter as de oare leden fan it bestjoer."
- 11 45 Wijsmuller giet nei de oername gewoan fierder, seit syn algemien direkteur. Ek it jierlikse hjerringfeest bliuwt bestean. En is de dêr presintearre Hollânske Nije, in symboal fan dy 'Hollands Glorie', feitliks ek net in Deensk produkt?

Nei in artikel yn de Leeuwarder Courant, 12-06-2001

'Wijsmuller wurket ûnder Deenske flagge fierder oan Hollânsk Gloadje'

Troch Pieter ten Hove

## TEKST 3 SLACHTOFFERHULP FRIESLAND HELPT MINSKEN YN NEED

- 1 De gefolgen fan in misdriuw of ferkearsûngemak binne meastal hiel yngripend. Slachtoffers, neibesteanen en tsjûgen falle faak yn in djip gat. Fyftich frijwilligers en njoggen beropskrêften fan Slachtofferhulp Friesland yn Ljouwert sette alles op alles om sokke minsken te helpen. "It is foar slachtoffers belangryk om harren libben wer yn eigen hannen te krijen,"
- 5 seit direkteur Ineke Verveld fan Slachtofferhulp Friesland.
- 2 Slachtoffers fan in misdriuw of ûngelok op sa'n wize helpe, dat de geastlike likegoed as de materiële skea safolle mooglik beheind wurdt, dat is de doelstelling fan Slachtofferhulp Friesland, in ûnderdiel fan Slachtofferhulp Nederland. "Wy wolle slachtoffers fan misdriuwen en ûngelokken in earste opfang en stipe jaan," seit Ineke Verveld. Alle plysjeregjo's yn ús lân
- 10 hawwe tsjintwurdich in selsstannich operearjende Stichting Slachtofferhulp. Meiïnoar binne der no 25 fan sokke stichtingen yn ús lân. Slachtofferhulp Friesland hat by de opfang net allinnich te krijen mei direkte slachtoffers, mar ek mei tsjûgen en mei feroarsakers fan ûngemakken. In soad slachtoffers hawwe ferlet fan help en begelieding. Sa'n tachtich prosint fan 'e kliïnten fan Slachtofferhulp Friesland is fia de plysje trochferwiisd. Foardat Slachtofferhulp bestie, drigen
- 15 sokke minsken tusken de wâl en it skip te bedarjen. Want foar de stap nei de spesjalistyske helpferliening siet nochal in hege drompel. Yn 'e praktyk docht no trouwens bliken dat dy stap net (mear) nedich is. Mei in 'triuwke yn 'e rêch' fan Slachtofferhulp binne de minsken neffens Ieke Verveld faak al in hiel ein op wei holpen. "Dêr hawwe se dan al genôch oan."
- 3 "As minsken wat slimms oerkommen is, wurde se faak bang fan har eigen reaksjes," wit Ieke Verveld út ûnderfining. "Mar as se dan fan oaren te hearren krije dat sok gedrach 'normaal' is, stelt dat har dochts wol wat gerêst." It oanhearren fan it ferhaal fan minsken dy't wat slimms meimakke hawwe, is in hiel belangryk ûnderdiel fan it wurk fan 'e frijwilligers fan Slachtofferhulp Friesland. Yn 1999 diene sa'n 3000 minsken in berop op 'e Fryske help-
- ferlieningssinstânsje.
- 4 25 Minsken dy't, nei alles wat se meimakke ha, ferlet hawwe fan in harkjend ear, kinne by Slachtofferhulp Friesland har ferhaal kwyt. Gauris binne dat oangripende ferhalen. Faak giet it ek om de saaklike gefolgen fan in ûngelok of misdriuw, dêr't kliïnten help by freegje. Foar minsken dy't hiel wat slimms trochstien hawwe, is it neffens Ieke Verveld gauris in te swiere opjefte om sokke kwestjes allegear sels ôf te hanneljen. "Yn sokke gefallen helpe wy de
- 30 minsken ek. It giet hjir by de helpferliening soms om hiel praktyske dingen."
- 5 Mei stipe fan beropskrêften fiere frijwilligers it wurk fan Slachtofferhulp Friesland út. De beropskrêften soargje foar yngeande training en begelieding, frijwilligers dogge it 'fjildwurk'. Dêr komt it globaal op del. As de meiwurkers fan Slachtofferhulp harren kliïnten net helpe kinne, wurde dy mooglik trochferwiisd nei spesjalistyske helpferlieningssinstânsjes.
- 6 35 As Slachtofferhulp allinnich op beropskrêften draaie soe, waard it ien en oar neffens direkteur Ieke Verveld ûnbetelber. "Us meiwurkers geane wol mei nei rjochtsaken om kliïnten dêr by te stean. Soks kin oeren en oeren duorje." Dochts jouwe de kosten net de trochslach. "Wy wurkje yn wêzen mei in simpele formule: minsken dy't by ús oanklopie om help, binne
- 40 hast allegear it slachtoffer fan wat oaren har oandien hawwe. Sokke minsken hawwe te krijen mei in skeind fertrouwen yn oaren. Se kinne holpen wurde mei it witten dat oare 'boargers' har helpe wolle sûnder dêr sels better fan te wurden. Dêr giet it om."
- 7 De frijwilligers fan Slachtofferhulp Friesland komme út alle lagen fan 'e befolking. De troch beropskrêften trainde meiwurkers wolle wat foar oaren betsjutte. Alle meiwurkers hawwe har eigen spesjaliteiten. Foar it ferwurkjen fan har ûnderfiningen kinne se altyd op har
- 45 organisaasje weromfalle. Lanlik is de ynstânsje sa'n tweintich jier yn tou. Slachtofferhulp Friesland bestiet tolve jier. Sels yn 'e hjoeddeiske, hektyske tiid binne der gjin wachtlisten. Dat is trouwens ek it stribjen fan Slachtofferhulp. Minsken mei problemen moatte dêr altyd terjochte kinne.
- 8 "Minsken dy't stevich yn har skuon steane en slachtoffer binne fan in ienfâldich misdriuw,
- 50 komme net by ús telâne," wit Ieke Verveld út ûnderfining. "Faak is it in optelsom fan alles wat minsken meimakke hawwe. It emosjonele ferhaal is hjir faak in 'binnenkomer'."

Nei in artikel yn it Friesch Dagblad, 21-11- 2000.  
'Slachtofferhulp Friesland helpt minsken yn need'  
Troch Eize de Boer.

## TEKST 4 ARGEOLOGEN: BATAVEN BEHEARSKEN IT LATYN

- 1 De Bataven koene lêze en skriuwe yn it Latyn. It folk, dat de earste trije ieuwen fan de jiertelling it Nederlânske riviergebiet bewenne, hat folle mear opstutsen fan de Romeinen as mannichien tocht. De Bataafske boeren wiene gjin barbaren, sa beredenearje Amsterdamske argeologen dan ek triomfantlik.
- 2 5 De ûndersikers fan de Vrije Universiteit (VU) bringe sûnt ferline jier de rol fan de Bataven yn it Romeinske Ryk yn kaart. By it ûndersyk dat ûnder lieding stie fan heechlearaar Nico Roymans binne de lêste tiid segeldoaskes fûn by Bataafske boerepleatsen. Dy brúnzen doaskes tsjinnen om teksten, lykas bygelyks brieven, te beskermjen.
- 3 Yn in delsetting by it Gelderske Elst binne njonken segeldoaskes dielen fan in  
10 legerunifoarm fûn mei in diploma dat útrikt waard oan soldaten dy't harren 25 jier tsjinsttiid der op sitten hiene. Underwilens hiene se, sa konkludearje de VU-argeologen, harren famylje op de hichte hâlden troch brieven te skriuwen.
- 4 Neffens de ûndersikers stiet de lokale befolking yn skiednisboeken te boek as primitive boeren yn bearefellen, dy't mei de hiele húshâlding en it fee yn ien romte slipten. "Foarhinne  
15 bestie it byld, dat de Bataven net bot feroaren troch de komst fan de Romeinen," fertelt ûndersiker T. Derks. "No is it dus dúdlik, dat de beynfloeding troch de lêsten sa fier gie, dat grutte groepen Latyn lêze en skriuwe koene."

Nei in artikel yn de Leeuwarder Courant  
12-06-2001.